

It libben as in losrekke planke

TSJERK VEENSTRA

It boekewikegeskink fan 2003 begjint sa: „Yn 'e betide moarn skarrelt in man troch it hûs. Op 'e taast siket er de doar fan 'e keamer. Hy wachtet, harket nei de wyn en it slaan fan in losrekke planke oan ien fan 'e hokken”.

Eartiids wie it de gewoante om boekewikegeskinken út te jaan sûnder de namme fan de auteur derop. De lêzers koene dan in pryske winne mei it ynstjoeren fan de namme fan de auteur. It hie dizze kear net in poepetoer west dy te efterheljen: in skarreljende man, hokken en wat it measte seit: de losse planke, dy bringe ús by Durk van der Ploeg.

De skriuwer hâldt fan rottekleasters, hokken yn ferval, mannen, frijfeinten en widners dy't dêr yn omskarrelje. De skriuwer liket respekt te hawwen foar harren stúfens en koppigens, foar harren stribjen baas op eigen hiem te bliuwen, ek al is it in waanidee dêr't se oan fêsthâlde. Sa ek dizze Adam Oanes Dongera út de djipste Dongeradielen, Durk van der Ploeg- lân mei Ezonstêd en Teard, de Ingwierrumerpolder en de Blikplaat, it Stoarmwachtershûs en it Keechsân, sa'n tweintich jier lyn.

It stee fan Adam en Eelkje. Sy wol der wol wei, hy net: „Dit is fan ús. Dit kin nimmen ús ôfnimme”. As Eelkje wei is, spaant er allinne yn it hûs en de oanboude hokken om: baas oer syn keninkryk fan oanspield hout en golfplaten. By eltse nije soan in nij hok oant en mei de

fiifde, Gjerryt, dy't by it skiepfandeljen ferdwaalt en dea weromfûn wurdt foar de floeddoar fan Dokkumer Nije Silen.

Syn skuld? Hie er dy jonge fan trettjin net bûtendyks stjoere mocht? Hy praat der oer tsjin syn evenbyld yn it tsjustere televyzjeskerm, dat praat wat frijer. Sa praat er oer it lange ferline dat er hat en oer it gebrek oan genot dat Eelkje en hy belibbe hawwe: „Hiene wy mar genotsuchtiger libbe, Eelkje en ik”.

Yn dy dikke sniewinter reizget er mei in slide fol branje en iten nei it tsjerkje fan Teard dêr't de keunstneresse Barbara Appelaar wennet en har atelier hat. Yn de tsjerke hat se in ferdjipping makke troch planken oer de tsjerkebanken te lizzen: in ûnderen boppewrâld.

Der ûntstiet wat tusken Adam en Barbara: hy wurdt har model, sy wint in priis mei skilderijen fan syn hokkebrol, hy past op har atelier as se op reis is en docht syn genotsuchtige dingen.

En hy praat tsjin har oer syn langsten en idealen, oer syn wurk as slykwurker en syn ferbittering oer de minsken en organisaasjes mei harren 'nije natoer' en natoerbeskerming.

Dy tsjinstelling tusken de minsken fan it gea dy't de krite kenne en de nije bestjoerders komt ta in hichtepunt as Adam de oansizzing krijt dat er syn illegaal boude hokkebrol opropme moat, „omdat der klachten oer ynkommen binne” en oars sil de gemeente se op syn kosten ôfbrekke

omt se ek steurend binne yn de nije keunstrûte. Safier lit Adam it net komme: hy is harren foar en rêdt der sels mei.

Mei humor ferhellet de skriuwer dan fan it grutte sukses dat Barbara oant yn Turijn hat mei har skilderijen fan Adam en syn hokken en op de iepening fan har útstalling yn 'De blauwe stikel' fan Jouswier moetsje wy ynkognito boargemaster Sybesma en keunstpaus Karstkarel. Sa dielt Van der Ploeg wol mear stikels út oan it adres fan de moaipraters en nijljoeders en stjoert er ús sympaty nei de âlde Adam.

Yn in novelle as dizze kinne net alle psychologyske lijnen en ûntjouwings oant yn alle hoeken en heren bleatlein wurde, dochs giet it my yn de relaasje Adam - Barbara wolris wat te koart troch de bocht. Net alles kin inkeld ferklearre wurde, omdat sy keunstneresse is en hy ferletsuchtich. Lykwols is it wer in echte Van der Ploeg neffens it resept sa't wy dat fan him kenne, mei spanning en mei rynske bylden yn bytiden poëtyske wurden fan it Dongeradielster gea.

Wa't it boekje noch net fergees krigen hat yn de boekewike en dit peareltsje fan de master net misse wol, kin it grif noch earne besette foar in pear euro's. It moaie omkapt is der op ta.

20 10/14 2003
Sniewinter, Durk van der Ploeg. Friese Pers Boekery, Ljouwert. Boekewikegeskink, Stichting It Fryske Boek.

* bespauk